

Veenbaas skriuwt ferhalen mei lef

troch Jaap Krol

De wite ûle is de tredde ferhalebondel fan dichter, proazist en essayist Jabik Veenbaas. It titelferhaal giet oer Arnold, dy't, eufemistysk sein, net de populêrste fan de klasse is. Hy kriget geregeld in ûle op besite en wol it bist sjen litte oan in pear klassegenoaten. Of de ûle no fantasij is of net, hy is net sichtber foar oaren en de straf foar Arnold (fernedering, geweld) is dêr. Lykwols komt de ûle werom en jout Arnold de kâns om syn, fingearre, wraak te nimmen.

Je soene sizze kinne dat Arnold yn dizze bondel in typysk Veenbaas-personaazje is: de bûtensteander, faak de ferstjitten ienling. Ferstjitten út de groep of it doarp, ferstjitten út de sleur fan de deistige konvinsjes en/of ferwachtings. Dizze persoan wekt be-

grutsjen en sympaty op, just troch syn beskôgjend fermogen, al of net yn kombinaasje mei fysike langstmen. Miskien is dêrom de titel De wite ûle keazen: de tinker as bûtensteander - of de bûtensteander as tinker, dy't, tafallich of net, faak in bist as meitinker of referinsje hat. Dit hieltyd weromkommende aspekt die my dizze bondel mei graachte lêzen. Dêr komt by dat ik Veenbaas syn neat-ûntsjende tematyk, fol seksuele ferhâldings, moedich beskreaun fyn. Net fan: goed dat in taboe ris besprutsen wurdt, mar moedich dat Veenbaas it lef hat oer net-deistige tema's in ferhaal te skriuwen. Dit klinkt itselde, mar it is dochs in ferskil. Yn lêstneamde gefal stiet alles yn tsjinst fan it ferhaal. In lêzer wurdt dan stadich meisûge yn in fernuverjend, soms aaklik universum. Guon ferhalen yn dizze bondel flamme troch harren benearjende sfear,


soe men sizze kinne.

De moaiste ferhalen út De wite ûle fûn ik *Romtefarder* en *De blauwe ingel*. Romtefarder is it ferhaal oer in oerspannen heit mei in oarlochstrauma, fertelt troch de eagen fan in jonkje. *Benearens* is yn dit ferhaal in synonym foar 'frustraasje', in gefoel dat Veenbaas hjir orzjineel en sterk ferwurket. De blauwe ingel giet oer in yntelligint puberfamke dy't jaloersk is op har populêre suske. De ûntjouwing fan dit ferhaal is frjemd, mar is eins oars net in beskriuwing fan ien fan de yngripendste fazes yn in - yn dit gefal - frouljuslibben. Veenbaas wurket yn dizze ferhalen optimaal oan de ferbyldingskrêft fan de lêzer, hy is ambachtlik en meinnimmend tagelyk. Dat ik it gefoel krige meisûge te wurden, dat fyn it de grutte fertsjinste fan dizze ferhalen - en yn it algemien fan it hiele boek.

Lykwols haw ik wol wat oan te merken op Veenbaas' proaza. Ik fyn 'omslachtich' in gaadlik wurd om it te beneamen. It betsjut dat it tempo yn it ferhaal wolris wat oan de lege kant leit. Dit makket dizze ienlingen soms krekt net apart genôch. Guon ferhalen binne dêrom ek dúdlik minder as oaren. De spannings dy't de personaazjes belibje, wurdt net altyd fielber - de spanning yn it ferhaal dus ek net. *De sliepers* bygelyks, oer de nachtelike tochten fan in freonenploechje, wurdt troch it 'stapeljen' fan tinnen en feiten te stadich ferteld en is net krêftich genôch.

Dochs soe ik dizze bondel ûnrjocht oandwaan troch dit punt mei grutte krêft op de skael te smiten. Veenbaas' ienlingen bliuwe nijsgjirrige personaazjes.

De wite ûle, Jabik Veenbaas, Bornmeer, 2006, 15 euro



Jabik Veenbaas. ←
Foto: Winfryd Andringa